

Nûmer: 005 LV

Datum: 24 jannewaris 2023

Nij Kenniskluster foar fraachstikken oer sâlt wurden fan grûn yn Delta's

It sâlt wurden fan lânbougrûn is in grutter wurdend probleem. Benammen yn noardlike klaaiskyl yn Fryslân en Grinslân, de Wieringermeerpolder yn Noard-Hollân, de Siuwske delta, mar ek yn in tal feangreidegebieten. Dêrom wurdt in *Kenniscluster voor Verziltingsvraagstukken in Delta's* oprjochte. De provinsje Fryslân hat hjirfoar ien miljoen euro beskikber.

It Kenniskluster hat as doel om kennis oer fraachstikken oer it sâlt wurden fan grûn te sammeljen en te fersprieden. It giet dan bygelyks om it wittenskiplik fêstlizzen fan besteande kennis, it ynbringen fan de kennis en best practices yn opliedings, it advisearjen fan oerheden en op 'e praktyk rjochte foarljochting fan de lânbousektor. It kluster sil sels gjin ûndersyk útfiere, mar optrede as partner of begelieder.

Mei partners wol it Kenniskluster ta in Nasjonale Kennisaginda komme, dy't bepalend wurdt foar de aktiviteiten fan it kluster.

Ferskate organisaasjes wurkje gear yn it kluster. Under oare de provinsjes Fryslân, Grinslân, Noard-Hollân en Seelân, it Ministearje fan LNV, wetterskippen, hegeskoallen en universiteiten, lânboupartijen en organisaasjes foar praktykûndersyk lykas SPNA. It bedriuwslibben is útnûge om ek oan te sluten. De kommende moannen wurdt fierder wurke oan dizze krêchtebondeling.

Sâlte grûn en reguliere teelten

Mei it Kenniskluster wurdt ynfolging jûn oan it bestjoersresultaat: *'Potato Valley is een toegankelijk en essentieel kenniscentrum geworden op het gebied van zilte teelt en biedt ondernemers perspectief op nieuwe verdienmodellen.'* Wol yn oanpaste foarm, want der is keazen foar in gearwurking tusken ferskate partijen, dêr't Potato Valley der ien fan is. Ek leit de fokus net allinnich op sâlte teelten, mar benammen ek op de relaasje tusken fersilting en reguliere teelten.

Op 2 febrewaris 2023 presintearret it Kenniskluster himsels, de nije namme én in oanset ta in Kennisaginda by in symposium yn Hegeskoalle Van Hall Larenstein yn Ljouwert.